Wintersliep

útbrocht op de CD ‘Skodzje foar it brûken’

kearsang:	*leave wolst mei my de hiele winter sliepe*	Dm G7
	wy jouw’ ús del, in moanne as fjouwer, fiif	Dm G7
	wy dogge foar gjin mins de doarren iepen	Dm G7
	skûljend yn de waarmte fan elkoanders liif	Dm Es D
sa gau’t de earste hagelbuien komme		Em A7
en it lân wer krekt sa wyt wurdt as de skiep		Em A7
dan fiel ik my hyltyd mear ferklomme		Em A7
dan ha’k noch mar ien doel: de wintersliep		G F E7
by d’ oare friezen begjint it bloed te sieden		Am D7
sy mjitte eltse dei de dikte fan it iis		Am D7
ik krûp op bêd, mar sy gean fuort te riden		Am D7
dus sis no sels: wa is der dan net wiis!		C Bes A7

kearsang:

de hiele winter gjin drokte oan ‘e holle
gjin geseur fan: och wat slim, en: och wat sneu!
droktemakkers bin der al tefolle
en wintersliep is folle better foar’t myljeu
fûgels flean net om ‘e nocht nei waarme lannen
kikkerts krûpe net foar neat yn blauwe drek
en ik ha och sa’n lêst fan kâlde hannen
dus as bearen winters sliepe, wol’k dat ek!

kearsang:

ik hoech de hiele winter nergens hinne
ik ha myn auto út de belesting dien
dat kring wol winterdeis mar amper rinne
wat dat betreft bin baas en auto dus wol ien
bûten friest it krekt sa bot as wie’t in iistiid
yn ús bedstee is it feilich, waarm en stil
gjin drokte fan sinteklaas en krystiid
en wy sliepe, dus do hoechst net oan de pil

kearsang:

© Doede Veeman